FRYSKE AKADEMY

UNDERSYKSAGINDA

2023-2027

Undersyksaginda Fryske Akademy 2023-2027

Foto Evert Doorn

De Fryske Akademy docht fûneminteel en tapast ûndersyk nei de Fryske taal, skiednis en kultuer, likegoed út diagroan as út syngroan perspektyf wei. It fûnemint fan de Fryske Akademy bestiet út wiidweidige en unike ekspertize op it mêd fan de Frisistyk. Ut dy spesjalistyske kennis wei fertelle wy de ferhalen fan Fryslân dêr't taal, kultuer, skiednis, lânskip en identiteit yn mei-inoar gearhingje. Us ûndersyksaginda is rjochte op it ferlizzen fan de grinzen fan kennis. Wy sette Frisian Studies op de ynternasjonale kaart. Mei oare wurden, de Fryske Akademy is ít wittenskiplike ûndersyksynstitút foar de Fryske kasus, bewoartele yn de Fryske mienskip en operearjend yn de ynternasjonale akademyske wrâld.

Mei de foarlizzende ûndersyksaginda hat de Fryske Akademy ta doel út har unike ekspertize wei de Fryske kasus as multydissiplinêr ûndersyksmêd te benaderjen. Sa wolle wy it ûndersyk fan de takomst foarmjaan en nije ynsichten ûntwikkelje. Troch regionaal oant ynternasjonaal de ferbining te sykjen en 'best practices' te dielen, helpe wy kennis foarút. Ut in brede basis wei, sette wy mei ús ûndersyks-tema's ús stippen op de wittenskiplike hoarizon.

De ûndersyksaginda ken boppedat inkelde flagships, te witten de perioade fan it Aldfrysk, de leksikografy fan it Frysk, en Frysk-Nederlânske spraaktechnology. Dy flagships binne kearnûnderwerpen dêr't wy ús as ynstitút ynternasjonaal mei ûnderskiede. Troch ús spesifike kennis op dy mêden witte kollega's ús te finen en sykje wy ek sels aktyf de gearwurking mei kollega's op regionaal, nasjonaal en ynternasjonaal nivo. Sa ha wy de ôfrûne desennia unike ekspertize opboud dy't in foarbyld wêze kin foar oare regio's yn de wrâld.

De ûndersyksaginda bestiet út trije oerlaapjende kennisgebieten dy't de basis foarmje fan ús ûndersyk. Yn dy trije kennisgebieten fine wy sân kearnspesifike en ynterdissiplinêre ûndersykstema's, dy't foar in part sterk oan inoar reitsje of inoar sels oerlaapje. De flagships binne yntegrearre yn dy ûndersykstema's. Us ûndersyk wurdt boppedat rûnom stipe troch de digital humanities. Tink hjirby oan ús digitale ynfrastruktuer mei dêryn gearfoege de taaldatabanken, de digitale korpora en histoaryske geodata oer de Fryske kasus. Us ûndersyksprojekten falle ûnder ien of mear ûndersykstema's. Yn ús projekten wurkje wy faak gear mei ferskate partners yn binnen- en bûtenlân. Dat kinne universiteiten en oare ûndersyksynstituten wêze, mar ek mear maat-skiplike partners.



Kennisgebieten

Taal en meartaligens

By dit kennisgebiet draait it om de Fryske taal en de oan it Frysk besibbe taalfariëteiten, lykas it Hylpersk, Stedfrysk, Skiermûntseagersk, Biltsk ensfh. Der wurdt sjoen nei kleare taalkundige ûnderwerpen lykas de bestudearring fan de fonetyk, morfology, syntaksis of leksikografy. It giet binnen dit kennisgebiet sawol om de taal fan hjoed-de-dei as dy út it ferline en om sprutsen en skreaune taal. Dêrneist wurdt sjoen nei it Nederlânsk yn Fryslân en de ynfloed fan taalkontakt tusken it Nederlânsk en it Frysk. Sa binne taalsosjology en sosjolinguistyk ek ûnderwerp fan stúdzje. Fierder wurdt sjoen hoe't it Frysk al as net feroaret binnen de meartalige kontekst dêr't de taal him yn beweecht.

De minske en syn omjouwing

De minske stiet net los fan syn omjouwing, mar minske en omjouwing beynfloedzje inoar. Yn dit kennisgebiet stiet dy ynteraksje sintraal. Binnen dit kennisgebiet wurdt ûndersyk dien nei it romtlike aspekt fan de Fryske taal, kultuer, skiednis en maatskippij. Dêrneist wurdt ûndersocht hoe't minsklik krewearjen it lânskip fan de Fryske lannen yn de rin fan de iuwen transformearre hat, mar ek hoe't it karakter fan it lânskip de skiednis, kultuer, taal en identiteit beynfloede hat. Mei oare wurden, hoe wurdt de hieltyd feroarjende ferhâlding mei it lân en it wetter wjerspegele yn de taal, kultuer en skiednis? En hoe ferhâldt de Fries him ta syn maatskippij troch de iuwen hinne?

Skiednis en erfgoed

By dit kennisgebiet wurdt it ferline fan de Fryske lannen bestudearre út ferlykjend en ynternasjonaal perspektyf wei. Bysûndere klam leit dêrby op de 'lange linen' dy't dwers troch de opienfolgjende tiidrekken hinne rinne. Tema's lykas de Iere Midsiuwen mei Redbad en de Fikingen, rjocht en frijheid, de ûntwikkelings fan nasjonale identiteit yn de njoggentjinde iuw fiere dêr de boppetoan yn. Ek de wittenskiplike bestudearring en ûntsluting fan Frysk erfgoed, dat ús tagong jout ta dat Fryske ferline, falt binnen dit kennisgebiet. Hjirby kin tocht wurde oan erfgoed fan âlde skreaune Fryske teksten, âlde plaknammen, mar ek minder âld materiaal, lykas âlde lûdopnamen fan it Frysk.



Foto Tresoar



Undersykstema's

Rjocht en frijheid yn de Fryske lannen

De Aldfryske wetsteksten binne in unike kolleksje midsiuwske boarnen. Se biede ynsjoch yn de wetskultuer fan de Friezen fan de 5e iuw n.K. oant 1500. Dy âldste spoaren binne te finen yn it sjenre fan de boeteregisters. Om't der noait in brek west hat troch yngripen fan in eksterne machtsfaktor, fertoant it Aldfryske rjocht in organyske groei troch de iuwen hinne en kinne wy dy histoaryske lagen no ûnderskiede, ferlykber mei de geologyske lagen fan de ierde.
Dit unike karakter is al yn de 19e iuw ûnderkend troch ynternasjonale wittenskippers. De saneamde Fryske Frijheid, of Fryske autonomy, dy't oan de ein fan de 10e iuw ûntstie, makket dat de Fryske lannen yn midsiuwsk Europa in bysûndere posysje ynnamen. De Friezen bestjoerden harren feitliken sels. Se wiene boppedat sûnt de Iere Midsiuwen ryk en dat holp mei om de bûtenlânske ynfloed ôf te keapjen. Der wiene mar in pear oare gelikense regio's yn Europa.
De kultuer fan midsiuwsk Fryslân lit in unike kombinaasje sjen fan oan de iene kant iepenstean foar de bredere Europeeske kultuer en oan de oare kant it fêsthâlden oan eigen tradysjes. Dat soarge mei de Fryske taal, dy't hiel bot ôfwykte fan it Midnederlânsk, foar in hiel eigen identiteit en kultuer. Dit Fryske patroan sil de kommende jierren neier ûndersocht wurde yn ús flagship oer de perioade fan it Aldfrysk: wêr't binnen dit ûndersykstema mear mei in antropologyske blik nei de Aldfryske wetsteksten en de mienskip fan doedestiids sjoen wurdt, wurdt de Aldfryske taal binnen it tema *Taaldeskripsje en standerdisearring* taalkundich analysearre.
Wichtige tiidrekken as Magna Frisia, de Fryske Frijheid en de Hanzeperioade wurde ek wol oantsjutten as de gouden iuwen fan Fryslân yn dy sin dat der yn de iuwen dêrnei altyd oan referearre en nei werom longere is. Dy byldfoarming yn lettere iuwen spilet in wichtige rol yn de ûntwikkeling fan de Fryske identiteit, dy't binnen it ûndersykstema *Kultuer en identiteit* ûndersocht wurdt.

Erfgoed yn de Fryske lannen

Binnen dit ûndersykstema wurdt it erfgoed yn de Fryske lannen bestudearre. Dit Fryske erfgoed, sawol materieel as ymmaterieel, is bewarre yn allerhande foarmen en strekt him út fan Flaanderen oant Denemarken; it komt ta útdrukking yn de âlde nammen fan doarpen, landerijen en wetternammen, tradysjes en folkssporten, yn de kolleksjes fan ferskate musea en yn archeologyske fynsten. Mar ek bygelyks yn hânskriften dêr't it Frysk fan eardere iuwen



Erfgoed yn de Fryske lannen

yn opskreaun stiet, yn de kultuerlânskippen dy't de Frysktalige bewenners fan de Noardseekust efterlitten ha en yn de gebouwen dy't yn de Fryske lannen opriisd binne en no altyd noch sichtber binne.
De Fryske Akademy hat ta doel de ynformaasje-dragers dy't ús ynformearje oer it Fryske erfgoed te bestudearjen en te ûntsluten, dêr't dit mooglik is ek foar in grutter publyk binnen en bûten Fryslân. De Fryske Akademy hat de ôfrûne desennia al op unike en fiergeande wize ynformaasjedragers dy't gearhingje mei it Fryske erfgoed ûntsletten, troch it opsetten fan de eigen digitale taalynfrastruktuer en it ûntsluten fan de histoaryske geodata oer de Fryske kasus. In digitaal formaat stiet ta om nije gegevens mei help fan Linked Open Data (LOD) fluch en effisjint te dielen mei alle belanghawwers. Dy ûntsluting fan ynformaasjedragers bart yn nau oparbeidzjen mei ús wittenskiplike en maatskiplike partners yn binnen- en bûtenlân. Ofhinklik fan it type ynformaasje op dy ynformaasjedragers binne der by de bestudearring fan dit erfgoed ferbinings te lizzen mei alle oare ûndersykstema's.

De dynamyske relaasje mei it lân en it wetter troch de iuwen hinne

Sûnt klassike auteurs foar it earst de eagen op it Fryske lânskip rjochten, sjogge wy it Fryske gebiet as in regio dêr›t wetter, lân en bisten hieltyd om harren plak fjochtsje. Yn de oaninoarskeakeling fan klaaigrûn, feangreidegrûn, marren, eilannen en klif dy't troch iuwenlange krêftmjitting fan wetter en lân ûntstien is, passe minsken harren fan need oan. Mar om sa optimaal mooglik yn dy lânskippen wenje te kinnen, passe de minsken ek it lânskip hieltyd oan. It karakteristike terpelânskip is hjir in foarbyld fan. It libben mei de dynamyk fan lân en wetter, en it striden foar in plak yn it lânskip, hoe foarmet dat de Fryske kulturele en talige identiteit?
Trochdat Friezen altyd bedreaun west ha yn skipfeart wiene der in soad kontakten mei oare kustgebieten, soms mear as mei it binnenlân. It hiele súdlike Noardseegebiet dat mei-inoar as Frisia bekend stie, wie mei de kusten fan de Britske Eilannen en West-Skandinavië ferbûn. Yn de Iere Midsiuwen - de tiid fan Redbad en fan de Fikingen - ûntstiet der in sadanige mjitte fan migraasje, útwikseling en kontakt, dat der soms sprutsen wurdt oer in dielde Noardseekultuer. Troch de tiid hinne bliuwe Friezen hieltyd ferbûn mei ynternasjonale maritime netwurken. Sa spylje se in wichtige rol yn de netwurken fan

Foto Daniël Hartog.

Hanzestêden en keapfardij, wêrtroch't de Fryske lannen mei grutte dielen fan Noardwest- en East-Europa ferbûn binne. Dy dynamiken wurde út ferskate perspektiven wei en mei ferskillende boarnen ûndersocht.
Hjoed-de-dei is it Fryske lânskip fan lân en wetter benammen it toaniel fan mei-inoar stridende belangen en takomstfragen. Bygelyks hoe om te gean mei klimaatferoaring, beheinde romte of boaiemdelgong yn feangreidegebieten. Ut dit ûndersykstema wei draacht de Fryske Akademy by oan de ferdjipping fan dizze debatten en de karren foar de takomst.

Kultuer en identiteit

Binnen dit ûndersykstema bestudearje wy hoe't der yn de rin fan de iuwen op útienrinnende wize ynfolling jûn is oan de Fryske identiteit. Identiteit liket op it earste gesicht in abstrakt en ûngrypber ding, mar troch ûndersyk te dwaan nei histoaryske en eigentiidske uterings fan Fryske identiteit kinne wy dochs in soad te witten komme oer de selsbylden dy't Friezen yn de rin fan de tiid fan harsels foarme hawwe.

Wat makket in Fries no eins in échte Fries? En waarden de dingen dy't hjoed-de-dei as 'typysk Frysk' sjoen wurde eartiids op deselde wize ûnderfûn? Yn hoefierre kinne wy troch de tiid hinne eins sprekke fan in 'kollektive identiteit' fan 'Friezen'? Is 'de' Fryske identiteit in moderne útfining, of is der ek sprake fan kontinuïteit tusken doe en no? Mei de ynsjoggen út ferlykjend perspektyf wei wurdt in bydrage levere oan gruttere debatten en ynternasjonale projekten oer nasjonale en regionale identiteitsfoarming.

Bysûnder omtinken giet binnen dit ûndersykstema út nei de ferhâlding tusken taal en identiteit, de byldfoarming fan it eigen ferline, it ûntstean en de histoaryske ûntwikkeling fan de Fryske Beweging, en de rol fan identiteitsclaims yn it publike debat. Mei kultuer wurdt yn dit ferbân it folsleine skala oan tradysjes, gebrûken, yntellektuele streamings en keunstuterings bedoeld dat bydraacht oan de identiteitsfoarming. De bestudearring fan de Fryske letterkunde hat ek in plak binnen dit ûndersykstema, as bril dêr't wy troch sjen kinne nei kultuer, identiteit en mienskip. Wichtige ynfalshoeke dêrby is hoe't de Fryske letterkunde reagearret op de hieltyd feroarjende, moderne mienskip.

De meartalige mienskip

Fryslân is in meartalige provinsje dêr't neist it Frysk en it Nederlansk ferskate dialekten en migrantetalen sprutsen wurde. Yn it ûndersykstema *De meartalige mienskip* wurdt bestudearre hoe't de ynwenners fan Fryslân mei dy meartaligens omgeane. Dan kin tocht wurde oan de bestudearring fan taalbehearsking, -gedrach en -hâlding foar it Frysk of meartaligens oer. En hoe't bern yn Fryslân fan jongs ôf opgroeie mei meardere talen en mei it Frysk yn it bysûnder. Mar der kin ek tocht wurde oan fragen lykas hoe't learkrêften yn 'e klasse it bêste it taalferskaat fan de learlingen in plak jaan kinne, of hoe't meartalich taalbelied derút sjocht. Rûnom yn Europa fine wy regio's dêr't in minderheidstaal sprutsen wurdt. It Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen, dat ûnderdiel is fan de Fryske Akademy, docht in soad ferlykjend ûndersyk nei in ferskaat oan ûnderwerpen yn de Fryske kontekst en oare Europeeske minderheidstalen. Sa wurdt ûnder oaren ûndersyk dien nei saneamde
'best practices' op mêden lykas taalbelied en meartaligens yn it foarskoalsk, primêr of fuortset ûnderwiis yn Fryslân en oare Europeeske gebieten mei in minderheidstaal. Op dy wize bringt it Mercator Kennissintrum Fryslân nei Europa en Europa nei Fryslân.
Meartaligens is net in resint ferskynsel. Al iuwenlang spilet meartaligens in grutte rol yn de eardere Fryske lannen. Dêrom fine wy bygelyks ferskate eleminten fan oare talen yn it Frysk en fan it Aldfrysk yn it Nederlânsk fan no. Ek dy ferskynsels binne nijsgjirrich om te bestudearjen, want dy ferklearje in soad oer it Frysk fan hjoed-de-dei. Undersyk nei dy ferskynsels binnen dit ûndersykstema bart dêrom faak yn ferbining mei sawol it ûndersykstema *Taaldeskripsje en standerdisearring* as de tema's *Erfgoed yn de Fryske lannen* en *Rjocht en Frijheid yn de Fryske lannen*.

Taalfariaasje en -feroaring

Yn it ûndersykstema *Taalfariaasje en -feroaring* bestudearje wy de fariaasje yn it Frysk fan hjoed-de-dei en fan it ferline. Lyksa bestudearje wy de taalfariaasje fan de oare yn Fryslân sprutsen en skreaune taalfariëteiten. Wy sjogge ûnder oaren nei hoe't dy taalfariëteiten yn de rin fan de iuwen feroare binne yn de meartalige kontekst, en hoe't de hjoeddeistige fariëteiten op dit stuit oan it feroarjen binne. Sintrale fragen binne hoe't yn Fryslân taalferoaring troch taalkontakt (bgl. de ynfloed fan it Nederlânsk op it Frysk) en taalynterne feroarings (ûntwikkelingen binnen it Frysk sels) har ta inoar ferhâlde en inoar beynfloedzje, en hokfoar taalkundige, sosjaal-geografyske en kognitive faktoaren dêrby in rol spylje. Wy rjochtsje ús dêrby op alle



Klinkerplot visible vowels

visiblevowels.org

komponinten fan de taal (grammatika, wurdskat en útspraak) en bestudearje de gearhing tusken de produksje fan fariaasje yn taal (sprutsen en skreaune), de persepsje fan fariaasje (hokfoar ferskillen hearre taalbrûkers) en de attitudes dy't sprekkers ha oangeande dy taalfariaasje. Dit ûndersykstema rjochtet him primêr op fûneminteel ûndersyk op it mêd fan de sosjolinguistyk op basis fan it natuerlik laboratoarium Fryslân. It yntrodusearret mei laboratoariumsosjolinguistyk in nije oanpak yn it ûndersyk nei taalfariaasje en taalferoaring en it hat teoretyske en metodologyske trochbraken ta doel. Dêrneist leveret it in soad ynsichten op, benammen op it mêd fan de útspraak fan it Frysk, dy't fuortendaliks tapasber binne yn moderne taalhelpmiddels (lykas spraakwerkenning, spraaksynteze en learmiddels). Spraaktechnology is in tige wichtich middel foar in lytse taal lykas it Frysk. It is dêrom ek ien fan de flagships fan de Fryske Akademy. Sa is der ûnder oaren in twatalige spraakwerkenner ûntwikkele, dy't op it stuit foar ferskillende tapassings trochûntwikkele wurdt. Yn ferskate projekten is in oerlaap te finen mei it ûndersykstema *Erfgoed yn de Fryske lannen* of *De meartalige mienskip* en *Taaldeskripsje en standerdisearring*. Tink hjirby bygelyks oan projekten dêr't de spraak yn (âldere) lûdopnamen omset wurdt nei tekst om sa in trochsykber korpus fan sprutsen Frysk te foarmjen. Of oan spraak fan Friezen dy't hieltyd skeakelje tusken it Frysk en it Nederlânsk. Dit ferskynsel wurdt ek wol 'code-switching' neamd.

Taaldeskripsje en standerdisearring

Dit ûndersykstema giet oer it beskriuwen fan de Fryske taal yn sprutsen en skreaune foarm troch de tiid hinne, fan it Aldfrysk út de Midsiuwen oant it Frysk fan hjoed-de-dei. Wy beskriuwe hokker klanken it Frysk hat, hoe't dy mei-inoar kombinearre wurde kinne en hokker ynteraksjes harren dêrtusken ôfspylje. Dêrneist beskriuwe wy de struktuer fan wurden en hoe't wurden mei-inoar kombinearre wurde kinne ta in sin. Boppedat hat de Fryske Akademy in lange leksikografyske tradysje. Troch de jierrenlang opboude kennis op dit mêd is de leksikografy ien fan de flagships fan de Fryske Akademy. De Fryske Akademy is mei syn ûnderfining op it mêd fan leksikografy in foarbyld foar oare lytse talen yn de wrâld. Tsjintwurdich uteret de leksikografy him yn digitale wurdboeken sa't dy op Frysker.nl beskikber binne foar elkenien. Hjir binne ek oare taalhelpmiddels te finen, lykas ús automatyske Oersetter.

Troch de sekuere beskriuwing fan alle fasetten fan de Fryske taal spilet de Fryske Akademy in grutte rol yn de standerdisearring fan it Frysk. Dy standerdisearring hat ûnder oaren ta doel

dat nije sprekkers de taal better leare kinne en taalbrûkers de mooglikheid krije om de taal better leare te behearskjen. De taalbeskriuwing en ta in beskate hichte ek de standerdisearring jouwe romte foar de fariaasje binnen de Fryske taal en oare Fryske taalfariëten. Der is dan ek in soad oerlaap mei it ûndersykstema *Taalfariaasje en -feroaring*.

It Aldfrysk wurdt binnen dit ûndersykstema út taalkundich eachpunt wei bestudearre en beskreaun. Dizze âldste foarm fan it Frysk fine wy ûnder oaren werom yn wetsteksten út de Midsiuwen. Dêrom ferbynt it ûndersyk nei it Aldfrysk it ûndersykstema *Taaldeskripsje en standerdisearring* mei *Rjocht en frijheid yn de Fryske lannen*.

Taaldeskripsje is in taak dy't nea klear is: taal feroaret altyd. Wy sjogge it as ús taak om te soargjen foar in aktuele beskriuwing fan it Frysk dy't beskikber is foar oare (ek ynternasjonale) taalkundigen (Taalportaal). Us beskriuwing fan it Frysk omfettet algemiene skaaimerken fan 'e taal, mar wy rjochtsje ús fansels ek op 'e skaaimerken fan it Frysk dy't yn oare talen net foarkomme en dy't it Frysk spesjaal meitsje.



FRYSKE AKADEMY

wittenskiplik sintrum fan Fryslân

Coulonhûs

Doelestrjitte 8, 8911 DX Ljouwert

fryske-akademy.nl